

De Antwurden

LES 1

1.1. Stavering

Yn it Frysk wurde net alle letters fan it alfabet brûkt. De q en de x komme net foar en de c allinne yn de kombinaasje ch.

Foar it Frysk is der ek in 'spellingscontrole'. Dat is de Fryske staveringshifker. Dy sit op alle kompjûters op 'e NHL. Yn *word* klikke op *extra* en dan op *taal instellen*. Dan wiist it him fansels. De staveringshifker is ek fergees op te heljen fan: www.fa.knaw.nl en dan op *downloads* klikke. Dan kinst him op dyn eigen kompjûter sette.

LES 2

2.1. Stavering

Opdracht a

Foarbylden binne:

<i>Nederlânsk</i>	<i>Frysk</i>	<i>Nederlânsk</i>	<i>Frysk</i>
verhaal	ferhaal	zon	sinne
vogel	fûgel	zee	see
vaas	faas	zij	sy
vergeten	ferjitte	zwart	swart
varken	baarch	zonder	sûnder

Der binne fansels noch wol folle mear wurden te betinken. Soms krigest yn it Frysk in hiel oar wurd, krekt as by varken. Dat wurdt baarch yn it Frysk.

Opdracht b

1. Op it **strân** by de Noard**see** drave **sân** bern de **see** yn.
2. **Se** roppe en raze as **se** in **seefûgel** **sjogge**.
3. Wachts**je**, ik moat **dizze** grize **sokken** earst noch **efkes** fuortbringe.
4. **Set** de **faas** mei blommen mar op 'e **tafel**.
5. Yn it **fjild** **fljocht** in **hazze** en **seis** lytse **haskes** huppelje **fleurich** achter him oan.
6. Ik **sis** dochs dat ik dat **swiete** **snobbersguod** net opite wol.
7. **Sy** hat alle **brieven** juster **lêzen**.
8. Klaske woe net antwurd**zje** op de **fraach** oer dy drege wurd**sjes**.

2.2. Tiidwurden

Brûke

<i>notiid</i>	<i>doetiid</i>
ik brûk	ik brûkte
do brûkst	do brûktest
hy brûkt	hy brûkte
wy brûke	wy brûkten

Doetiid: krekt as it Nederlânsk de útgong mei –te. Allinne by do is de útgong wat ôfwikend → -test.

Ofslutend mulwurd is: ik ha brûkt. Deselde regel as yn it Nederlânsk, allinne gjin genderfoar.

Raze

<i>notiid</i>	<i>doetiid</i>
ik raas	ik raasde
do raast	do raasdest
hy raast	hy raasde
wy raze	wy raasden
ik ha raasd	

Drave

<i>notiid</i>	<i>doetiid</i>
ik draaf	ik draafde
do draafst	do draafdest
hy draaft	hy draafde
wy drave	wy draafden
ik ha draafd	

2.3. Ynterferinsjes

- | | |
|---|---|
| 1. Ik wil je wat laten zien. | Ik wol dy wat sjen litte. |
| 2. Schoolmeester | Skoalmaster |
| 3. Vergadering | Gearkomste |
| 4. Kom binnen! | Kom deryn! |
| 4. Ik probeer het vandaag af te maken. | Ik besykje it hjoed ôf te meitsjen. |
| 5. Mijn ouders wonen in een oude boerderij. | Us heit en mem wenje yn in âlde pleats. |

LES 3

3.1. Stavering

Opdracht a

1. Ik sjoch gjin hân foar de eagen.
2. Sjochsto dy miggen tsjin dy hege muorre omheech klimmen?
3. De boer ploegget syn lân mei in ploechje.
4. Wat in aardige jonge hasto útnoege.
5. Myn giele broek hinget by de kachel te droegjen.
6. In bigge is in lyts barchje.
7. It wie net mooglik om dy grouwe balke troch te seagjen.
8. De brêge bûgde hast troch doe't dy frachtwein deroer ried.
9. Der fleagen in pear blauwe miggen om.
10. De lytse dogeneat gong der mei de miggeklapper efteroan.
11. It wie foar him hast ûnmooglik om dy ûndraachlike ynsekten dea te slaan.
12. Myn mage kin de grauwe earte net ferdrage.

Opdracht meartalsfoarmen

- | | | |
|---------------------|------------------|----------------------|
| 1. holle hollen | 8. bôle bôlen | 15. mar marren |
| 2. oere oeren | 9. ankel ankels | 16. laad laden |
| 3. skouder skouders | 10. skaad skaden | 17. board boarden |
| 4. jonge jonges | 11. famke famkes | 18. pake pakes/paken |

Opdracht b ferlytsingswurden

1. bern	berntsje	8. sinne	sintsje	15. ko	koke
2. tomme	tomke	9. flues	flueske	16. tange	tankje
3. wein	weintsje	10. swel	sweltsje	17. bok	bokje
4. liet	lietsje	11. hoanne	hoantsje	18. strie	strieke
5. bêd	bedsje	12. fisk	fiskje	19. skiep	skiepeke
6. pet	petsje	13. jonge	jonkje	20. wiif	wyfke
7. seage	seachje	14. stik	stikje	21. doaze	doaske

Opdracht 1

1. beam	beammen	beamke	6. sleat	sleatten	sleatsje
2. blêd	blêden	bledsje	7. nêst	nêsten	nestke/ nestje
3. fear	fearren	fearke	8. heak	heakken	heakje
4. brêge	brêgen	brechje	9. bear	bearen	bearke
5. bêd	bêden`	bedsje	10. ear	earen	earke

4.2. Tiidwurden

Trije ûnregelmjittige tiidwurden yn de kategory: i – o - o

- bringe	brocht	brocht
- drinke	dronk	dronken
- glimme	glom	glommen

Fiif ûnregelmjittige yn in oare kategory:

1.	i-û-û	rinne	rûn	rûn
2.	ê-ie-ê	lêze	lies	lêzen
3.	i-ie-i	litte	liet	litten
4.	e-o-o	helpe	holp	holpen
5.	ie-ea-ea	kieze	keas	keazen

Opdracht

Minke	is / wie	in suster fan ús mem.
Do	hast/ hiest	in leave pake.
Us heit	wurdt / waard	fyftich jier.
Wy	hawwe / hiene(n)	in lytse poppe.
Jimme	binne / wiene(n)	gjin famylje fan ús.
Ik	bin / wie	in nicht fan dat famke.
De bern	wurde / waarden	thúsbrocht.

4.3. Ynterferinsjes

1. It **sykheljen** foel my sier, om't ik de ribben **kniesd** hie.
2. Ik **wurd** kâld, mar ús mem **is** waarm.
3. Pyt **klaude** oan 'e pûkel op it wang, oant it begûn te **blieden**.
4. Us beppe is juster **stoarn**.
5. '**Snobje** is net goed', seit de toskedokter.
6. Ik moast hieltyd **spuie**, dat ik koe de pillen net **ynnimme**.
7. Hy hat **pineholle** (pine yn 'e holle) en ik ha de foet **ferstûke**.

8. Do moatst it iten goed **kôgje** en net sa hurd **trochslokke**.
9. Moatst efkes **omriere** oant de bûter **raand** is.
10. Wy **hâlde op** mei de stúdzje.

LES 5

5.1. Stavering

Opdracht a

In âld wiif op it iis

'Iisfrij, iisfrij!' rôpen de bern op it plein. En dy tiisdeitemiddei krigen se frij. Wat wiene se bliid! Komt master ek op it Wiid? frege Wytske. 'Ik bin noch stiver as in doar,' klage er. Hy wiisde nei syn knibbels. 'Master is dochs gjin âld wiif!' rôp Sibe. 'No,' sei er.

It wie fiis kâld op It Wiid. Mar de bern rieden har waarm. Ynienen rôp Sibe: 'Moatst dêr ris sjen, in âld wiif op it iis!' 'Dan teit it moarn,' sei Wytske.

In âlde frou mei griis hier skeuvele yn in lange, grize mantel en in wite sjaal om oer It Wiid. Se hie in piip yn 'e mûle. 'Wat in healwiis minske,' sei Wytske. Doe glied de frou út en foel plat op it liif. Alle bern rieden derhinne.

'Kinne wy jo helpe?' frege Wytske. 'Foarsichtich oan,' sei de frou, 'ik hearde niis wat yn myn knibbel knappen.' Se holpen har hoeden oerein en doe seagen se it. 'Master!' rôp Sibe. 'Hy hat him ferklaaid as âld wiif. "Wa't it earst by de beam is!' sei master.

Hy wiisde nei de âlde iik oan de râne fan It Wiid. Mei lange streken glied er oer it iis. 'No, komme jim noch?' rôp er.

Opdrachten graadbûging

Foarbylden

Dy blauwe broek fyn ik kreas, dy reade fyn ik kreazer, dy swarte fyn ik it kreast.

Dat hûntsje is smoarch, de kat is smoarger, mar de knyn is it smoarchst.

Dat famke docht it mâl, dy man docht it mâlder en dy jonge docht it it mâlst.

Myn tas is grut, dyn tas is grutter en syn tas is it grutst.

It boek fan Eppie Dam is aardich, it boek fan Auck Peanstra is aardiger en it boek fan Lida Dykstra is it aardichst.

5.2. Tiidwurden

	<i>notiid</i>	<i>doetiid</i>	<i>mulwurd</i>
swerve	ik swerf	ik swurf	ik ha swurven
erve	ik erf	ik urf	ik ha urven
melke	ik melk	ik molk	ik ha molken
skelle	ik skel	ik skold	ik ha skolden
ride	ik ryd	ik ried	ik ha riden
sitte	ik sit	ik siet	ik ha sitten
ite	ik yt	ik iet	ik ha iten

5.3. Ynterferinsjes

1. Ik fyn it altyd hiel slim as minsken o sa har bêst dogge en dochts net slagje.
2. Hy hie der gjin erch yn dat se foar har eksamen slagge wie.
3. De ôfgryslík grouwe man sjoude in amer mei tsjokke stisel.
4. It is net sa tûk om ien dy't net bot fan lêzen hâldt in tsjok boek te jaan.
5. It is him slagge om in goedkeape auto te finen.
6. Earst hie ik der gjin erch yn dat it hûs hiel bot fertutearze wie.
7. Tusken de grouwe muorren hat er tige lije moatten.
8. It is net sa tûk / handich om in hiele protte te drinken foar in eksamen, want dan is de kâns hiel / tige grut datst net slaggest.
9. Hy fertsjinnet in grou salaris mei de ferkeap fan tsjok bleekwetter oan warehuzen.
10. Se fûn it hiel aardich dat hy har in grouwe tût joech.

Flaterfrij? Sin 3 is flaterfrij.

LES 6

6.1. Stavering

Opdracht a

- | | |
|---------------------|--|
| 1. slûch wêze | Frysk wurd dat yn it Nederlânsk net deselde foarm hat. |
| 2. hûnderttûzen | Foar in n / wurd hat yn it Nederlânsk in ui |
| 3. yn 'e hûs komme | Wurd hat yn it Nederlânsk in ui |
| 4. oertsjûgje | Wurd hat yn it Nederlânsk in ui |
| 5. kompjûter | Wurd hat yn it Nederlânsk in u |
| 6. joech | Doetiid sterk tiidwurd |
| 7. pûde | Frysk wurd dat yn it Nederlânsk net deselde foarm hat. |
| 8. gûne, dûbeltsjes | Foar in n / wurd hat yn it Nederlânsk in u |
| 9. groepsopdrachten | Wurd hat yn it Nederlânsk in oe |
| 10. iismûtse | Wurd hat yn it Nederlânsk in u |

Opdracht b

1. Slûch = slaperig (hiel oar wurd yn it Nederlânsk), sloech = doetiid sterk tiidwurd
2. Broek = broek (Nederlânsk ek oe), brûk = gebruik (Nederlânsk ui)
3. Dûk = duik (Nederlânsk ui), doek = doek (Nederlânsk oe)

Opdrachten

- | | | | |
|----|----------|----|--------|
| A. | 1. wêr't | B. | 1. oft |
| | 2. dêr't | | 2. of |
| | 3. wêr't | | 3. as |
| | 4. dêr't | | 4. ott |
| | 5. wêr't | | 5. as |

- C.
1. It is krekt as wy hieltyd letter begjinne.
 2. No't eltsenien sit, wol ik efkes wat sizze.
 3. It feestje gong/gie net troch, om't/omdat der fuotbal op 'e televizje wie.
 4. Doesto jild hellest, ha ik wachtsje moatten.
 5. Hoewol't it pas maart is, binne de beammen al grien.

6.2. Tiidwurden

Opdracht

Sprekke	ik sprek	ik spriek (spruts)	ik ha sprutsen
Stekke	ik stek	ik stiek (stuts)	ik ha stutsen
Trekke	ik trek	ik triek (truts)	ik ha trutsen
Knipe	ik knyp	ik kniep	ik ha knipen
Smite	ik smyt	ik smiet	ik ha smiten
Treffe	ik tref	ik trof	ik ha troffen

Ynfolopdracht:

Doetiid	1. stiel
	2. spriek (spruts)
	3. briek (bruts)
Mulwurd	1. hasto strutsen
	2. hat sprutsen
	3. hawwe lêzen

6.3. Ynterferinsjes

Flaters ferbetterje

1. baby = poppe
2. kraamafdeling = kreamôfdieling
3. memmemolke krije = it boarst krije / tate krije
4. baarmoeder = it memmeliif
5. kraambêd = kreambêd
6. kleuters = beukers, swanger = swier
7. babysit = Us Nynke hat in moai bybaantsje. Se húswarret by de buorlju.
8. geboartedatum = bertedatum, geboarteplak = berteplak
9. geboaren = berne
10. geboartelân = bertelân

LES 7

7.1. Stavering

Opdracht a

1. Wy hawwe ús paraplu yn it museum fan Starum stean litten.
2. 'Hú' sei Lolke, 'Wat nuver, ik bin sa huverich.
3. De boaiem fan de brune badkûp waard útfage mei de biezem.
4. 'Wolst apenuten ha of hast leaver in strús druven?'
5. De jonges rûnen ferfeelsum troch it sintrum fan Dokkum oant de revu begjinne soe.
6. It wie in yllúzje dat se it frommeske yn unifoarm noch sjen soenen.

Telwurden

Opdracht:

- a. $\frac{1}{2}$ = in heal $1 \frac{1}{2}$ = oardel $2 \frac{1}{2}$ = tredde, twa en heal
- b. 1. fjouwer en trije is sân 6. tsien min acht is twa
2. seis kear njoggen is fjouwerenfyftich 7. alve en twa is trettjin
3. tolve diel troch trije is fjouwer 8. twa kear fiif is tsien
4. hûndert min sân is trijennjoggentich 9. oardel en fiif is seis en heal
5. achttjin diel troch twa is njoggen 10. fiif kear tolve is fiif en fyftich

7.2. Tiidwurden

b. <i>Notiid</i>	<i>Doetiid</i>	<i>Mulwurd</i>
1. stiest	1. joech	1. ha(w)/hie sjoen
2. dogge	2. gongen/gienen	2. hasto/hiesto jûn
3. sjocht	3. stiest	3. hasto/hiesto dien
4. slacht	4. sloech	4. binne/wienen gien/gongen

7.3. Ynterferinsjes

- a. 1. wêr't
2. wêr't
3. dêr't
4. dêr't
5. dêr't
6. Wêr't
1. dêrst
2. wêrst
3. dêrst
4. Wêrst
5. wêrst
6. dêrst

LES 8

8.1. Stavering

Opdracht a

1. Mem koe net krekt sjen oft Folkert no sâlt of sân yn 'e keamer struid hie.
 2. De bern moatte leare om mei de mûle ticht te kôgjen.
 3. It gers wie fan 'e moarn noch beferzen, mar de redens kinne noch net út it fet.
 4. De drôve man mei de stok yn 'e hân, hat syn wanten weitôge.
 5. 'Wêr binne myn sokken?', rôp Jan al wer foar de tredde kear.
 6. 'No, dêr!' sei mem, 'It sykjen giet dy net bêst ôf wol?'
-
1. It âlde mantsje seach de rôt efter de sek sân sitten.
 2. 'Grôt is gjin iten en kâld al hielendal net!', sei heit.
 3. 'Us mem wurdt sa súntsjeswei in dôf, âld wyfke', sei Hâns.
 4. Us heit kôke de hin dy't Jan plôke hie en de bern kôgen op it sâlte fleis om.
 5. De fôle rint al yn it lân en hoecht net mear op stâl.
 6. De mâle keardel wâde tsjin de râne fan it stoepke oan.

8.2. Ynterferinsjes

1. Wy wenje op 'e Jouwer, mar ús skoalle stiet op 't Hearrenfean.
2. Wy binne juster oant les 7 kommen.
3. Jimme meie net ite ûnder de les.
4. Hy hat sûnt juster in nije auto.
5. Wy geane jûn betiid op bêd.
6. De resepsje begjint om fjouwer oere hinne.
7. No, dêr ha wy sin oan!
8. Neffens my hast it mis!
9. Ut ús hûs wei kinst it moai sjen.
10. Hoe let komsto moarns fan 't bêd? Hoe let komsto der moarns ôf?
11. Dêr hast gelyk oan!
12. Moatsto ek mei koeken by de doarren lâns?
13. Ik sykje om myn skrift.
14. Der is altyd wol wat om syn persoan hinne.

LES 9

9.1. Stavering

Opdracht a

Boekekast	krantebesoarger
Brievebus	sikehûs
Pinnebakje	bernespultsje
Toskedokter	hûnehok
Bisteboel	keallepoat

1. hynstestâl
2. boartersguod
3. iterstiid / itenstiid
4. doarpsstrjitte
5. beamwâl
6. skoalplein
7. yn *linnenguod* stiet wol in n omdat it *linnen* is. Der sit yn it basiswurd al in n.

Opdracht b

De liuw en de do

Yn bistetún 'Goedlibben' hawwe in protte bisten har ferbliuw: kamielen, apen, pauwen, oaljefanten, tigers en liuwen.

Ien liuw hjit fan Liuwe. Hy rint faak troch syn koai en wriuwt dan mei syn kop tsjin de traaljes. Dan giet er lizzen en lit de kop op in grouwe stien sakje. Hy sjocht de wolken oan de blauwe loft foarby driuwen. Wite miuwen sweevje oer de huzen. Ik woe..., tinkt Liuwe de liuw.

Fjouwer downe fleane oer de bistetún. Ien do bliuwt wurch op in grut heech gebou sitten. Hy hjit fan Bowe. De hurde wyn wurdt him tefolle. Soe er it dowehok wol helje? Dan sjocht er de liuwen yn de koai. Liuwe leit mei syn kop op it stien te sliepen. Ik woe..., tinkt Bowe de do.

9.2. Ynterferinsjes

1. Bliuw hjir mar efkes.
2. De iene kear wol se dit en de oare kear wol se dat wer.
3. As dy appels op binne, jou my dizze dan mar.
4. Kom hjir ris gau!
5. Asto dêr sa fuortendaliks bist, skillest my dan?
6. Kom hjir ris hinne.
7. Ast op reis giest, nimst dat doch altyd mei?
8. Wennet syn heit dêr dan?
9. Ik gean dêr wol stean.
10. Is Peter hjir al?
11. Earst siet se dêr, doe dêr en no sit se hjir wer.
12. Wolst dat ik dêr in kear kom?

Opdracht a

Soest my helpe wolle? Earst it wichtichste tiidwurd. Dat is *helpe*.

Wêr tinkst dat ik oer songen ha? *Songen* is it wichtichste tiidwurd.

Witsto wannear't wy ophelle wurde? *Ophelle* is it wichtichste tiidwurd.

Opdracht b

1. Se woe him net gean litte.
2. Ik tink dat se it wol dwaan kin.
3. Wêrom soe dat moatte?
4. Is dat in frucht dy't in protte iten wurdt?
5. Ik begryp net datst noch net begûn bist.
6. It is prachtich datst al mei har praten hast.

7. Soesto my efkes helpe wolle?
8. Wolle jo dy pizza om seis oere besoargje litte?
9. Dat binne de ûnderwerpen dêr't wy oer diskusjearre hawwe.
10. Jo meie wol sitten gean.

LES 10 Werhellingsles

10.1. Stavering

Sels in staveringsopdracht oer de staveringsregels betinke foar de oare studinten.

10.2. Ynterferinsjes

1. Se fûn it earst hiel dreech om mei pjutten en beukers om te gean.
2. Us heit praat mar in bytsje oer de oarloch.
3. Ik sil dy sjen litte wêrom't ik dat haadstik sa min fyn.
4. Se prate mar troch oer skoalle.
5. De pjutteliedsters fregen oan de master wat hy fan it rûntepetear fûn.
6. Ik besykje in foto te meitsjen fan de pleats dêr't ik berne bin.
7. Ik hoopje dat it kabouterke net oer de sobber stroffelje sil.
8. Is dat it tsjokke boek dêrst út foarlêzen hast?
9. Oare (nije/ takom) wike sille wy yn de les in proeftentamen dwaan.
10. Dy jonge is sa tûk (knap) dat er foar alle tentamens slagget.
11. Alle froulju namen har wurdboek mei nei de kursus.
12. Hokker kiste hat Peter foar himsels timmere?

LES 11

11.1. Stavering

Opdracht a

1. wiet = nat, wyt = wit, wiid = wijd
2. beamte = geboomte, beänte = beambte
3. bliede = bloeden, blide = blije

Opdracht b

1. De beide freonen Klaas en Piter fytsten op in sneon de natuer (natoer) yn.
2. De hjerstkleuren kamen al serieuus foar it ljocht.

3. Se **woenen mear** aventueren (aventoeren) belibje.
4. Se boarten dat se se**beare** yn Sibearje **wienen**.
5. As se in kat se**agen** wie dat in lynks en in hûn wie gewoan in **bear**.
6. De figu**eren** dy't foarby kamen, soenen wol Amerikanen wêze kinne.
7. Dêr kaam de so**an** fan de notaris fo**arby**, Elco.
8. Hy wo**e** telefonearje, mar krige it net fo**ar** elko**ar**.
9. Klaas en Piter fûnen it mar in frjemd figu**er**.
10. Elco docht kultu**re**le dingen, sei de lea**ra**res.

11.2. Ynterferinsjes

Oefening

1. rane
2. teie
3. rane
4. raant
5. smelte / smolten

Oefening

1. fan 't bêd komme / der ôf komme
2. gongen/ giene(n)/ gyngen oerein /stean
3. der ôf komme / fan 't bêd komme
4. gongen/ giene(n)/ gyngen oerein /stean
5. opstean

Tiidwurden: set no oer yn goed Frysk

1. Wêr soesto oer prate wolle?
2. Dêr lizze de boeken dy't lêzen wurde moatte.
3. Dêr steane de froulju dy't útnoege wurde wolle.
4. Soesto my dyn nije auto sjen litte wolle?
5. Witsto wat der allegearre mei in koark dien wurde kin?
6. De baas sei dat wy stean (oerein) gean moasten.
7. Tinksto dat hy my yn syn auto ride litte wol?
8. Soene(n) wy dat noch reparearje litte kinne?
9. Tinksto dat dêroer praten (sprutsen) wurde sil?
10. Is dat grûn dêr't ik in hûs op bouwe litte kin?

LES 12

12.1. Stavering

Opdracht

Ferskil tusken *klei* en *klaai*? Klei = klauw of (ik) klaag, klaai = klei of (ik) kleed
 Ferskil tusken *kleie* en *klaaie*? Kleie = klagen, klaaie = (aan)kleden of kleien

Opdracht

1. Der sit in **bij** (= bij, bei = bes soe ek kinne) **by** dy yn 'e sûpengroattenbrij.
2. Soe **dy** dat noch wol smeitsje?

3. Op sa'n moaie **dei** wol ik gjin spul **mei dy** ha.
4. It **lytse** berntsje seach **nijsgjirrich nei** de eal**gebij**.
5. Yn de **lijte** fan it hûs **lei** er plat op 'e búk **nei** it **sylskip** te sjen.
6. 'Dy pleager**ij** fan **dy** wol ik net **lije**', **sei heit**.
7. Ik bin **benijd** oft it moand**ei** ek **snije** sil.
8. Moatst net te **rij** wêze **mei** dyn jild.
9. **Hy** **krijt** in pear **nije breidene** sokken fan **beppe**.
10. **By dy wei** is it rûch**wei** noch hûndert meter **nei** de **bakkerij**.

12.2. Ynterferinsjes

Opdracht a

Foarbyld:	Yt lekker	Smakelijk eten
	In protte lok en seine	Veel heil en zegen
	It is wol klear (sa)	Graag gedaan
	Gean ris oan 'e kant	Ga eens opzij

Opdracht b

1. Willemsen en frou Willemsen keazen foar in positive ynfalshoeke.
2. Ik bin wier hiel (tige, ôfgryslík) wiis mei har.
3. 'Skat', it iten hat wolris minder west,' sei ik tsjin de frou.
4. 'Jo mar earst, sei ik tsjin de âldman.
5. Dit is de konversaasjeseal foar de âlde lju.
6. Shit, ik ha wolris better west, sis!
7. Se wiene wakker út 'e skroeven (optein) oer de positive ynfalshoeke fan de sjef.

Tiidwurden: set no oer yn it Frysk

1. Gean hjir mar lizzen.
2. Wolsto net sitten gean?
3. Ik freegje my ôf wat er dwaan sil.
4. Soene(n) sy út inoar gean?
5. Giest(o) mei te fiskjen?

LES 13

13.1. Stavering

Opdrachten

- a. In *grouwe kat* = een dikke kat. In *grauwe kat* = een grauwe (grijsachtige) kat.
- b. *Neibauwe* = nabauwen, nadoen, naäpen. *Neibouwe* = (iets op dezelfde wijze) nabouwen.

Opdracht c

1. grauwe earte
2. Raukost
3. jou

4. souder
5. tou gau
6. blauwe kouke
7. rouwich
8. benaud klaut
9. sinbou
10. snau grau

13.2. Ynterferinsjes

1. Der is neat mear te iten yn 'e hûs.
2. Hasto de doar op 't slot dien foardatst op bêd gongst (giest)?
3. Stie de doar fan 'e moarn noch yn 't kier?
4. Wat wie jimme heit fan 'e middei oan 't sykjen?
5. Binne dy hoazzen dy nei 't sin?
6. Wennesto op 'e Gerdyk of op 'e Lemmer?
7. O nee, do wennest dochs op 'e Jouwer?
8. De grouwe man wie krekt op 'e tiid foar de gearkomste.
9. De jonge wie bot fan 'e wize (fan 't sintrum, fan 't hynder) doe't er hearde dat syn fyts stellen wie.
10. Op 'e souder bewarren ús heit-en-dy hat grouwe winterklean.

Tiidwurden: set no ris oer yn it Frysk

1. Giest mei te dûnsjen, Jelske?
2. Ja, ik kom!
3. Wat docht dy man hjir eins?
4. Der kamen twa fleanmasinen by inoar lâns fleanen.
5. Komst in kear by my te boartsjen?
6. Wannear komme se no ris om dy kraan te meitsjen (te repararjen)?
7. Ik hoopje dat se moarn komme.
8. Hieltyd as se oanrinnen komme, tink ik: dy komme wer by my om út te gûlen.
9. Juster kaam der in pakketsje oer de post.
10. Se kaam om in brief te bringen.

LES 14

14.1. Stavering

Opdracht

1. De serieu**z**e ûndernimmer liet stru**i**briefkes rûnbringe.
2. De fre**o**n fan Lutske frege ús mem sne**o**n om in ge**u**nst.
3. It fru**i**t kriget fan 't jier al gau in reade kle**u**r.
4. De sjau**f**eur fan de redakte**u**r ried nei Gre**o**nterp ta.
5. De re**u**s út it mearke brûkte hieltyd deselde spre**u**k.
6. De dierebe**u**l smiet gle**o**n wetter oer it earme bist.

14.2. Ynterferinsjes

1. sin is goed
2. bettere sin = Dat minske praat mar troch oer har hûn.
3. sin is goed
4. sin is goed
5. sin is goed
6. bettere sin = Hy giet mar troch mei bûtersmarren (it smarren fan bûter) op syn bôle.
7. bettere sin = De hin keakelet mar troch.
8. sin is goed
9. bettere sin = Hâldst my no noch hieltyd foar de gek?
10. bettere sin = Ik freegje my ôf oft dy hûn dêr noch lang rêstich lizzen bliuwt asto trochgiest mei sa lûd te praten / asto sa lûd praatst.

LES 15

15.1. Stavering

Opdracht a

jier	jierren	jierke	jierdei	(brekking)
bear	bearen	bearke	bearemûtse	(gjin brekking)
tean	teannen	teantsje	teanneil	(brekking)
keal	keallen	kealtsje	keallepoat	(brekking)
roas	roazen	roaske	roazestrûk	(gjin brekking)
stoel	stuollen	stuoltsje	stuolledûns	(brekking)
kiel	kielen	kieltsje	kielholte	(gjin brekking)
broer	bruorren (broers)	bruorke (broerke)	bruorretsjinst	(brekking, ek sûnder brekking)
tried	trieden	triedsje	langtriedderich	(brekking)
soal	soallen	soaltsje	soallear	(brekking)
hoas	hoazzen	hoaske	hoasbân	(brekking)
beam	beammen	beamke	beamwâl	(brekking)
skoalle	skoallen	skoaltsje	skoalplein	(brekking)
koal	koallen (koalen)	koaltsje (koaltsje)	koaledamp	(mei en sûnder brekking)
fear	fearren	fearke	fearring	(brekking)
priem	priemmen	priemke	priemskerp	(brekking)
hoed	huodden	huodsje	huoddeplanke	(brekking)
doar	doarren	doarke	doarkebelje	(brekking)
poel	puollen	puoltsje	puolletocht	(brekking)

Opdracht b

1. De **triennen** rûnen him oer de wangen fan de **kjeld**.
2. De grouwe **boarre** fan ús **buorman** is juster op 'e **strjitte deariden**.
3. Wy **geane tegearre** nei de **tsjerke** yn it **doarp**.
4. Mei de fûle **stoarm** fan **earjuster** binne **tsien beamkes** omwaaid.
5. De **skoalle** krige in **soad** nij **boartersguod** fan de **boargemaster**.
6. Do **moatst** de leppels en **foarken** by de **boarden** lizze.

7. Yn 'e hjerst wurde de beammen hieltyd kealer.
8. Op de ljedder boarre Jeltsje mei de boar in gat yn 'e muorre.
9. Dy langtriedderige ferhalen fan dy learaar duorren fierstente lang.
10. Yn myn sliep dreamde ik dat ik op 'e moanne oan it keatsen wie.

15.2. Ynterferinsjes

Tiidwurden: flaters ferbetterje

1. As it reinen oanhâldt / As it trochreint, moatte wy in skûlplak sykje.
2. Asto it net dien hast, soe ik net witte wa't dan de skuldige wêze kin.
3. Komst no wer by my te eameljen, ferfelende fint?
4. Giest hjir ek sitten of wolst leaver stean bliuwe?
5. Soms sizze minsken dingen dy't se net fertelle moatte.
6. Giest mei te húswurk meitsjen?
7. As alle dingen sa bliuwe soenen, dan soe der ek neat ferbetterje.
8. Soest dat sa sizze kinne of is it better om it oars te uterjen.
9. Der kaam in rôffûgel oanfleanen, mar it moskje seach krekt de oare kant út.
10. Sy hoopje dat harren partij de grutste wurdt, mar ik hoopje dat mines wint (winne sil).

1. a
2. a
3. b
4. a
5. b
6. a
7. b
8. a
9. b
10. a

LES 16

16.1. Stavering

Opdracht

- | | | |
|--------------------|----------------------|--------|
| 1. kaai | fytskaike | |
| 2. leau | skriuwe | liuwen |
| 3. ieu | klaaiïng | |
| 4. Sieuske | bedriuw | miuwen |
| 5. treau (triuwde) | draaide | |
| 6. moai | aaisykjen (aisykjen) | |
| 7. rampoai | | |
| 8. skroei | | |

16.2. Ynterferinsjes

Set oer yn it Nederlânsk

1. De meisjes waren met z'n drieën een sneeuwpop aan het maken.
2. De leraren waren met z'n vijven met de tentamens bezig.
3. Jullie mogen die opdracht wel samen maken.
4. Peter, Paul en Mary zingen vaak met z'n drieën.

Set oer yn it Frysk

1. Hawwe jimme dat allinne of tegearre dien?
2. De skiep woene(n) mei-inoar oer de daam rinne.
3. Wy kinne dat better net trijeresom (mei ús trijen) dwaan.
4. As de bern tsienresom (mei har tsienen) op ien keamer lizze, komt der net folle fan it sliepen.
5. De lilke fuotballers stoden mei har alven op de skiedsrjochter ôf.

LES 17

17.1. Stavering

Muoike = tante

Muoite = moeite

Muoiik = bedroefd, aangedaan, droevig, treurig

Fuoi = foei

Stavering frjemde wurden 1

Kompleet	ekwivalint
Sirkus	aksint
Kompleks	aktiviteit
Ksylofoan	akku
Kultuer	ekwator
Sjirurch	argyf
Gaos	klisjee
Gloar	gronology
Sjauffeur	golera
Krysan	groom
Parasjute	sûkelarje
Klakson	sjek

17.2. Ynterferinsjes

Set oer yn it Frysk

1. Us heit seach hiel liik doe't er ûntdiek (ûntduts) dat ik in dûk yn 'e auto makke hie.
2. Wy binne allegearre fleurich omdat it hearlik sinneskynwaar is.
3. Janneke sjocht altyd sa blier.
4. Hannes hat altyd in goed sin.
5. YN dat mearke waarden de bern fermoarde troch de boaze buorman.
6. Der huppele in blier famke troch de strjitte.
7. Net sa sinnich, hear, oars siedst sels mar iten.
8. Leausto dat er dêr kweade bedoelingen mei hat?
9. Dy reparaasje wie wol in sinnich krewei/ in sinnich putsje.

10. Us mem hie hjoed in hiel/ tige/ osa/ goed sin.

Tiidwurden: opdracht a

1. Justermiddei om sawat fjouwer oere begûn it te snijen.
2. 'Gean mar op souder te boartsjen!' rôp mem.
3. Sille wy moarn tegearre/ mei-inoar reedride?
4. It fytsen giet net troch, om't guon sporters doping brûkt hawwe.
5. Sy fielden de swiere stoarm al oankommen.
6. It hynder kaam gau op ús ta rinnen.
7. Troch it minne waar seach ik de auto net oankommen.
8. Do kinst wol efkes helpe mei ôfwaskjen!
9. De segels wolle net op 'e kaart sitten bliuwe.
10. Bliuwe jimme op 'e Lemmer wenjen?

LES 18

18.1. Stavering

Frjemde wurden 2

Opdracht a

Sympaty	etyk
Eter	teater
Autentyk	teology
Apoteek	biblioteek
Metoad	terapy
Thúswurker	termostaat

Opdracht b

Pasjint	kliïnt
Presidint	yntinsje
Sintrum	konsekwint
Telelins	absint
Konkurrint	sint
Semint	ymmins

Opdracht c

Aristokrazy	yllúzje	akademy
Rezjy / regy	taksy	konklúzje
Potinsjeel	prestiiizje	medalje
Sjampinjon	prestaasje	situaasje
Kolleezje	kompanjon	advertinsje
Horloazje	fakânsje	religy
Offisjeel	staaasje	diskusje
Televyzje	kampanje	differinsjaasje

Opdracht d

Ynteressant	psycholooch
Pedagogysk	ynvalide

Pyromaan	typysk
Telepaty	ynterpunksje
Yrrigaasje	ynterieur
Didaktyk	subtyl
Passyf	minym
Polyp	klandestyn
Fenyn	sulfyt

18.2. Ynterferinsjes

Opdracht

1. As ik dy de bal tasmyt, moatsto besykje om him te heinen.
2. Sin is goed
3. It lân leit fol bulten, wy moatte mar ris te mollefangen.
4. Net mear as tsien euro woe se my betelje. Men soe der dochs apen mei fange, mei sa'n frommes.
5. De iene akrobaat heinde de oare nei syn salto.
6. Sin is goed.
7. Sin is goed.
8. Sin is goed.
9. Sin is goed.
10. Sin is goed.

LES 19

19.1. Stavering

Frjemde wurden 3

Opdracht a

Buro	bûzjy
Sjoernalist	nivo
Bûljon	rûte
Koereur	bûtyk
Toernee	Koerzjette
Kûveuze	kûplet

Opdracht b

Punêze	malêze
Mayonêze	nukleêr
Affêre	elitêr
Kasjêre	

Opdracht c

Oaze	narkoaze
Kûveuze	neuroaze

19.2. Ynterferinsjes

1. wy naaie **út**
2. se skamme **har** derfoar
3. fan de bok op 'e **ezel** stjoere.
4. fan it **spek** yn 'e klompen
5. wa stiet dêr oan it **haad**?
6. op dat feit wol ik nochris de **klam** lizze
7. moatst dy bern net sa del**helje**
8. se sochten yn alle hoeken en **hernen**
9. tusken de ierdappels en de **brij**
10. hy hie lêst fan 'e **terms**

LES 20

Werhellingsles

20.1. Stavering

Opdracht

1. De twa serieuze freonen fytsten sneon sa'n hûndert kilometer troch de natuer (natoer).
2. Op de merk wie al nije jirpels (ierdappels), framboazen en reade beien te keap.
3. Myn favorite iten is kappesiners mei raukost en as neigesetsje sûpengroattenbrij.
4. Do moatst noch foarken en leppels by de boarden lizze.
5. Fan 't hjerst sil Jan mei de ljedder by de parrebeammen lâns om se te snoeien.
6. De sjauffeur fan it departemint kaam om in bosk krysanten te bringen.
7. It kaike fan it depot wie stikken draaid.
8. De malêze wie kompleet (folslein) nei it sjongen fan it tredde kûplet.
9. De nije metoade om groom ekstra blinke te litten, wurke net.
10. It horloazje fan myn kompanjon lei noch op it dressoir.
11. Wol mem my dat boek efkes jaan, mem?
12. Eltsenien kin wol sizze dat dêr net ien west hat.
13. It skaad foel wol krekt oer it kin fan de Amerikaan.
14. Wat guon minsken bewoare roait igge noch seame (roait fuotten noch fiemen).
15. Wim is mei de broek oan syn fyts hingjen bleaun.

Switsj, goed of ferkeard

1. b is goed
2. b is goed
3. a is goed
4. b is goed.